



Bêste leden fan it Obe Postma Selskip (OPS)
April 2022.

Graach meldt it bestjoer OPS him wer even om de leden witte te litten dat it goed giet mei it Selskip.

Gelokkich hawwe de measte leden kontribúsje betelle. Dêrmei kinne we oan it wurk. Bygelyks it meitsjen fan in reachside (website). We binne der tige wiis mei dat in 'profesjonele frijwilliger' foar in lyts bedrach in moaie side makket. Jimme krije in mail as de site klear is.

We hawwe de ôfrûne moannen petearen hân mei persoanen en organisaasjes, ek om te besjen of der gearwurking mooglik is. It liket der op dat soks yndied mooglik is. Hawwe jimme suggestjes? Lit ús dy witte! (e-mail: r.mulder5@upcmail.nl)

It bestjoer hat betocht dat OPS net perfoarst dingen sels dwaan moat, mar krekt like goed – of better – oaren stimulearje kin om bepaalde dingen te dwaan. We hoopje yn de simmer mei oankundigingen te kommen fan aktiviteiten.

It bestjoer hat de ôfrûne tiid eltse moanne byelkoar west. Der is in wurkferdieling makke: Pieter Tuinman algemien lid, Romke Boskma ponghâlder, Rimmer Mulder sektaris, Lútsen Kooistra, foarsitter.

As it bestjoer de saken goed op'e rit hat, kinne we ta wurkje nei in fiifde lid.

Mei groetnis

Rimmer Mulder
sekretaris